

Stúdzjebesite Wales

It bestjoer fan DINGtiid hat fan 17 oant 19 jannewaris 2016 nei Wales west foar in stúdzjebesite. It doel fan de stúdzjebesite wie om yn in oare regio mei in minderheidstaal ynspiraasje op te dwaan. Hjirby wiene fragen oan de oarder sa as binne der ideeën en oplossings dy't ek yn Fryslân tapasber binne, hoe wurdt der earne oars stjoering oan in taalwet jûn en wat binne de mooglikheden foar in taalskipper?

Op moandei 18 jannewaris en tiisdei 19 jannewaris ha petearen mei ferskate organisaasjes en persoanen plakfûn yn de haadstêd fan Wales, Cardiff. Dizze organisaasjes fiere in grut ferskaat oan aktiviteiten út dy't útienrinne fan promoasje oant wetjouwing. Yn dit ferslach in oersjoch fan dizze petearen.

It bestjoer fan DINGtiid is troch dizze stúdzjereis sterke yn har miening dat stjoering op in taalwet hiel wichtich is. Dy stjoering kin op ferskate wizen plakfine, mar dêrby moat foarop stean dat de ynstânsje dy't dy stjoering útfiert dit ûnôfhinklik dwaan kin en hjirby foldwaande spylromte hat. Ek is it wichtich te sjen oan hokker oerheidsynstânsje sa'n stjoerende ynstânsje ferantwurdling ôflizze moat en wa't ferantwurdlik is foar de finansiering hjirfan. It advys fan DINGtiid oangeande in taalskipper (*feroaring en ferbettering*; septimber 2015) bliuwt fan grut belang en freget noch altiten om in reaksje fan de oanbelangjende oerheden.

Juny 2016
Bestjoer DINGtiid

POSTADRES

✓ BHP Flex - Blokhúspoarte
✓ Blokhúspanlein 40
✓ 8911 LJ Ljouwert

✓ ynfo@dingtiid.nl
✓ www.dingtiid.nl
✓ @dingtiid

Ynhâldsopjefte

Menter Caerdydd (Welsh language initiative in Cardiff)	2
Welske oerheid	3
S4C (Welske televyzje)	4
Meirion Prys Jones	6
Taalkommissaris Meri Huws	8
Wat nimt DINGtiid mei út dizze petearen	9

Menter Caerdydd (Welsh language initiative in Cardiff)

Petear mei direkteise Sian Lewis

<http://www.mentercaerdydd.org/>

Menter Caerdydd wol it brûken fan it Welsk yn de haadstêd befoarderje en útwreidzje, om sa te soargjen dat de taal in sintraal part wurdt fan it libben yn Cardiff en dat de ferantwurdlikheid foar de takomst fan de taal dield wurdt troch elke boarger.

Yn 2011 hat fan de ynwenners fan Cardiff 16% oanjûn dat sy it Welsk (diels) machtich binne, 11% (binnen dy 16%) binne de taal folslein machtich. By de 5-15 jierigen leit it persintaazje heger: 26,7% (yn 1981 wie dit mar 7,5%).

Menter Caerdydd is yn 1998 begûn. Foar de bern, om harren de mooglikheid te jaan ek Welsk te praten bûten skoalle. 90% fan de bern dy't oan harren aktiveiten meidogge komme út net-Welsktalige gesinnen. De aktiviteiten rinne útien fan sportklubs, keunstaktiviteiten, muzyklessen, ensfh. Sa'n bytsje alle frijtiidsaktiviteiten dy't yn Cardiff yn it Ingelsk oanbean wurde, wurde troch harren yn it Welsk oanbean. Bygelyks rugbytrening yn it Welsk, pianoles yn it Welsk, mar ek taallessen. Der wurdt in lytse bydrage frege foar dielname.

Sukses fan de Welsktalige skoallen en de Welsktalige aktiviteiten fan Menter Caerdydd leit 'm der yn dat de net-Welsktalige âlden harren bern twatalich grut bringe wolle. De Welsktalige skoallen hawwe in bettere reputaasje. Dêrneist wurdt der yn fakatueres yn Wales ek spesifyk frege om kennis fan it Welsk. Kennis fan it Welsk leveret dus earder wurk op.

Menter Caerdydd hat in ûndersyk útfiere litten om de ekonomyske wearde fan harren aktiviteiten dúdlik te meitsjen. Dit wurdt brûkt om de finansiering/subsidiearring te behâlden. Want ek yn Wales besunigings. Sa'n ûndersyk is lestich, mar it liket der op dat de kosten fan Menter Caerdydd foar twa kear safolle omset yn Cardiff soargje.

3-4 July 2016 fynt it Tafwyl Festival (Festival of the river Taf) wer plak. Der binne in grut oantal bands dy't op ferskate poadia optrede, kreamkes mei iterij, literatuer, drama en sport wurkwinkels, in bernesoene, ensfh. Alles yn it

Welsk! Dit liket tige nijsgjirrich foar Lân fan Taal. Yn 2016 hat it festival in budzjet fan £ 147.500 (€ 190.000). Der wurdt gjin yntree frege. By Tafwyl wurdt gebrûk makke fan Welsktalige ambassadeurs, sa as in bekende BBC presentator, in Rugby spiler, Hollywood akteur, ensfh.

Welske oerheid

Petear mei Bethan Webb, adjunkt-direkteur fan de Welske taalôfdieling
<http://gov.wales/?lang=en>

De Welske oerheid is it desintralisearre regear foar Wales. De desintralisearre ûnderwerpen binne ûnderwiis, sûnenssoarch, lokale oerheid, transport, planning, ekonomyske ûntwikkeling, sosjale soarch, kultuer, miljeu en lânbou- en plattelânssaken. De oerheid fan Grut-Brittannië hat de ferantwurdling foar in grut tal publike tsjinsten yn Wales, sa as de polysje, finzenissen en it rjochtssysteme, definsje, nasjonale feilichheid en bûtenlânske saken.

Wales hat sa'n 3 miljoen ynwenners. Oer de hiele wrâld binne der ûngefear 800.000 minsken dy't Welsk prate, foaral yn Wales (611.000, 2004), Ingelân (ûngefear 150.000) en Chubut yn Argentinië (5.000). Der binne ek noch lytse mienskippen yn de Feriene Staten en Kanada. Yn 2004 waard it Welsk troch 21,7% fan de befolking sprutsen, dat is 2% mear as yn 1991. Hieltyd mear minsken sprekke it Welsk, hoewol't men altiten twatalich is. It Welsk wurdt foaral op it plattelân fan Wales sprutsen, yn it noarden en westen. Yn it gebiet Gwynedd hat sels 76,1% fan de befolking Welsk as memmetaal.

Der wurdt net rjochting private sektor wurke fan út de oerheid, want eangst dat as der neidruk op Welsk lein wurdt, dat der gjin bedriuwen nei Wales komme. Gefolch is dat Bethan Webb in protte oan it netwurkjen is, sawol ekstern as ek yntern nei oare ôfdielingen, om dochs wol oandacht foar it Welsk te freegjen. It giet dus foaral om promoasje en pro-activity.

Yn Grut-Brittannië gjin ynteresse yn taal, dat as Wales wat wol op it mêd fan it Welsk, moatte se it sels dwaan én betelje. Der is by de Welske oerheid in ûnderwiisôfdieling én by de taalôfdieling in kluster foar Welsk yn it ûnderwiis (mei bygelyks lerarebeurzen om better Welsk te learen en foar oare aktiviteiten).

De "Welsh Language Measure 2011" makket fan Welsh de offisjele taal yn Wales. Dit betsjut dat it Welsk op deselde wize behannele wurde moat as it Ingelsk, yn alle gefallen nêr minder goed.

Yn de "Welsh Language Measure 2011" is ek de Welske taalkommissaris regele. De Welske taalkommissaris hat "Welsh Language Standards" publisearre. Dit is in set fan binende foarwearden dy't fan ôf 30 maart 2016

ek foar de Welske oerheid jilde. Yn totaal binne der 350 publike organisaasjes dy't in "Welsh Language Standard" opstelle moatte, op dit stuit binne der 26 dy't klear binne. Dizze "Welsh Language Standards" ha neffens Bethan Webb holpen, want de eardere "Welsh Language Schemes" (fan de Welsh Language Board) hienen in protte grize gebieten, wêrby't it net dúdlik wie wat der barre moast.

Neidiel fan de wize wêrop de taalkommissaris ynsteld is, is dat de taalkommissaris eins net te kontrolearjen is. Folslein ûnôfhinklik, mar wa kontrolearret de taalkommissaris? Wat dat oanbelanget soe it neffens Bethan Webb better wêze om in taalkommisje te hawwen.

Sawol de Welske oerheid as ek de taalkommissaris ha beide 47 wurknimmers.

Yn totaal hat de Welske oerheid £25 miljoen foar it Welsk beskikber (32 miljoen euro). Wêrfan £3 miljoen nei de taalkommissaris, £4 miljoen foar taalpromoasje, £2 miljoen foar taalsintra, £9 miljoen foar folwoeksenenûnderwiis, £6 miljoen foar de rest fan it ûnderwiis.

S4C (Welske televyzje)

Petear mei ferskate minsken: Ian Jones (algemien direkteur), Gwyn Williams (direkteur Kommunikaasje en Ferbinings), Phil (juridyske saken), Hwyl (û.o. sjochsifers), Elin Morris (direkteur kommersjeel belied), Rachel Evans (adjunkt-direkteur ynhâld en útstjoerings).

<http://www.s4c.cymru/en/>

De Welske televyzje hat op it stuit trije útdagings:

1. Technologyske útdaging: earder wienen je as televyzje op ien plak, no moatte je oeral sichtber wêze. Ek in protte platfoarms bûten Wales. De programma's binne yn de hiele UK beskikber. No wurdt der wurke oan de rjochten, sadat de programma's ek bûten de UK beskikber wurde kinne (bygelyks Welske mienskip yn Patagoanië).
2. Geografyske útdaging: Bûten Wales noch in 40-50% Welsk-sprekkers. Online oanbod, bygelyks S4C ek op de BBC I-player. Dêrneist ek ûndertiteling, sawol foar Welsk-learders yn Wales as ek foar dyjingen bûten Wales, yn de UK.
3. Underwiisbelied/gemingde famyljes: Der binne in protte famyljes mei net-Welsk-sprekkende âlden en Welsk-sprekkende bern. Hoe beide te berikken?

Dêrneist spilet it berikken fan it publyk ek noch mei. Dy ûnder de 35 jier brûke in protte (technologyske) nije platfoarms, sa as snapchat, ensfh.

It oantal sjoggers bliuwt gruttendiels gelyk, mar it oantal sjoggers bûten Wales is behoarlik groeit, no leit it op 48% fan it totaal oantal sjoggers. Der binne yn totaal sa'n 600.000 sjoggers (Welsk en net-Welsk sprekkers). In protte Welsk-sprekkers sjogge net nei S4C, troch alle technologyske mooglikheden ha sy in protte platfoarms en stjoerders om út te kiezen.

De ôfrûne jierren hat ûnderwiis net in "touchpoint" west, mar foar de takomst is dit wol in wichtich gebiet, tink hjirby oan ûnderwiis en feardichheden, digitalisearring/technology en in ynternasjonale rjochting.

De finansiering fan S4C bestiet út:

- 8% finansiering troch de UK oerheid.
- 90% televyzje lisinsje (kijk- en luistergeld).
- 2% advertinsjes, reklamespotsjes, ensfh.

Yn totaal £ 84 miljoen beskikber (ûngefear € 107,5 miljoen). Dêrfan wurdt 15% brûkt foar it beteljen fan alle lisinsjes foar de ferskate platfoarms dêr't S4C op beskikber is (kabel, sat, payerview, streaming ensfh.).

De gearwurking mei BBC is grut en wichtich.

Foar de berneprogramma's wurdt gebrûk makke fan Twitter, om de wurden en útspraak út te lizzen.

Ungefear 2,4% fan de programmas wurdt online besjoen, dus grutste platfoarm is noch altiten de televyzje, en de bybehearrende platfoarmen.

S4C falt ûnder UK regelwurk. Wetlik hat S4C neat te krijen mei de Welske oerheid. Allinne wat de net-útstjoer-eleminten oanbelanget, dy falle wol ûnder de Welske taalmaatregel (sa as it ynterne taalbelied).

Der wurdt tusken sân oere moarns en middernacht útstjoerd, 50-55% fan dat binne werhellings. Eltse dei 9 oeren berneprogramma's, yn blokken fan 2-4 oeren elk. Dy blokken wurde dan in wike letter wer werhelle. In diel fan de programma's is Welsh-nei-syngronisearre.

De 9 oeren berneprogrammas is ûngefear de helte fan de stjoertiid. De rest bestiet út "magazine show", sport, programmas foar âldere bern/jong folwoeksenen, nijs (haadnijs om 21.00 oere), ensfh.

Der binne ferskate audio en ûndertiteling ôfspraken:

- Ingelsk lûd by byg. sporteveneminten (dy kar kin makke wurde, standaard Welsk, mei help fan de reade knop kin foar Ingelsk keazen wurde).
- Ingelske ûndertiteling (sa'n 78% fan de programmas), mar je kinne sels kieze om it oan te setten (de UK oerheid hat minimaal 53% oplein).

- Welske ûndertiteling, bygelyks by programmas om Welsk te learen, of foar dyjingen mei in min gehoar. Dy Welske ûndertiteling by it learen fan it Welsk wurdt no ferfongen troch apps, drege wurden wurde útlein fia de app. Krekt sa as it gebrûk fan Twitter by de berneprogrammas.

Meirion Prys Jones

Foarhinne direkteur Welsh Language Board, no direkteur NPLD

It petear mei Merion Prys Jones wie foaral rjochte op syn eardere wurksumheden foar it Welsh Language Board en hoe't hy tsjin de hjoeddeistige sitewaasje oansjocht.

Yn 1993 is de Welsh Language Board (WLB) oprjochte. Taken wienen:

- Sa'n 800 "Welsh Language Schemes" (Welske taalregelings) moasten opsteld wurde. Doe't WLB ophâldt te bestean wienen der 550 yn gebrûk. Dy "Welsh Language Schemes" moasten goedkeurd wurde troch WLB en der wienen ek publike konsultaasjes. De "Welsh Language Schemes" wienen fan tapassing op publike organisaasjes, wêrûnder ek it ûnderwiis.
- Promoasje fan de Welske taal. Oan it ein fan de jierren njochtich waard it konsept fan taalplanning yntrodusearre.

WLB waard folslein subsidiearre mei publyk jild. Yn 1993 £7 miljoen (€ 9 miljoen) oant £13 miljoen (rom € 16,5 miljoen) yn 2003. Yn 2012 kaam in ein oan WLB. WLB wie it meast effektyf yn de perioade 1996-2009. Op syn meast wienen der 80 minsken by WLB oan it wurk.

Yn de perioade oant opheffen fan de WLB wie der sprake fan desintralisaasje fan taken fan út Westminster nei Cardiff, it Welske regear krige mear macht. Dêrneist wie it konsept fan in kommissaris yn de UK hiel populêr. Fierder wienen semi-oerheidsorganisaasjes net populêr en waarden dy oernaam troch de oerheid. Dêrom wie it in praktysk beslút om fan WLB oer te stappen op in taalkommissaris.

Wat WLB wol goed die neffens Meirion Prys Jones wie dat nije ideeën net altiten daliks mar oan de oerheid presintearre waarden, om finansiering te krijen. Se waarden earst útprobearre en as it dúdlik wie dat se wurken, dan pas waard it oan de oerheid presintearre as in nij idee.

Yn 2012 beeinige de taalkommissaris de "Welsh Language Schemes" en gong oer op "Welsh Language Measures". Gefolgen wienen:

- Taken krimpe, foaral juridyske aspekten fan belang.
- De "Welsh Language Measures" brûke standerds (noarmen). Mar faak kart de minister datjinge wat de taalkommissaris oanleveret net goed. Gefolch is dat der hast noch gjin noarmen klear binne.

Dy noarmen yn de “Welsh Language Measures” binne net sa ferskillend fan wat yn de eardere “Welsh Language Schemes” stie. Grutte ferskillen binne:

- Skriuwe foar wat der yn stean moat (gjin diskusje oer mooglik, wat earder wol sa wie. WLB gong mei de ynstellings yn petear en de eardere “Welsh Language Schemes” wienen dan ek mear spesifisearre foar eltse ynstelling).
- Der is gjin help by it opstellen fan de “Welsh Language Measures” (WLB joech earder wol stipe).

De minsken dy’t yn de publike organisaasjes wurkje wurde hjirtroch hiel koart troch de bocht/stiif (rigid). Se kinne net mear meiprate oer wat der yn de “Welsh Language Measures” komt te stean, mar moatte se wol sels opstelle.

Wat sil der barre? Oant 2018/2019 bliuwt it wol in taalkommissaris, mar dêrnei soe it better wêze dat it in taalkommisje wurdt. Sadat der mear kontrôle by de sintrale oerheid leit. Dêrneist ek in oantal taken fan de oerheid nei de taalkommisje, sa as taalpromoasje. Mear yn de rjochting fan it eardere WLB systeem. En dan de kommende 5-10 jier fierder groei nei in soarte fan WLB mei mear krêft. Mar ek wer net alle taken dy’t de WLB earder hie.

Je hawwe wetjouwing nedich as in basis. Mar ek wer net te folle op fokusje. Sjoch nei de taalsitewaasje. En hoe moatte wy de jongere generaasje oertsjûgje om de minderheidstaal te brûken?

Yn oare regio’s/lannen wurdt ek gebrûk makke fan taalkommissarissen. Foarbyld bygelyks Quebec: It is mooglik om klachten yn te tsjinjen, mar dat is yn Quebec mar in lyts diel fan de organisaasje (de taalkommissaris yn Wales is tige fiksearre op dy klachten).

Regio’s wêr’t wol wat fan te learen is:

- Yn Baskenlân is in hiel grut budzjet foar taalpromoasje (yn Navarre wol minder). De wetjouwing wurdt brûkt as wapen by de promoasje.
- By de Katalanen is de sitewaasje hiel oars, want in grutter persintaazje sprekkers/brûkers. By de Katalanen is der in organisaasje dy’t soarget foar de gearwurking tusken de sintrale en lokale oerheid. De wetjouwing wurdt brûkt as wapen by de promoasje.
- Yn de regio Friuli-Venezia-Giuli is it oantal Friuli sprekkers sa’n bytsje gelyk oan it oantal Welsk/Frysk sprekkers.
- De Ladin binne tige ryk.
- Yn Finlân is it nijsgjirrich om te sjen hoe’t sy mei it Sweedsk omgean. Sawol op oerheidsnivo as by de organisaasje Kulturfondet.
- Fan Ierlân en Skotlân falt net folle te learen.

Ferwachtsje net dat modellen fan oare regio’s samar oer te nimmen binne. Mar je kinne wol ynspiraasje krije. Nim it mei nei hûs en wês sels kreatyf.

In oantal Welske dokuminten binne nijsgjirrich:

- A National Action Plan for a Bilingual Wales (2003):
<http://gov.wales/topics/welshlanguage/publications/iaithpawb/?lang=en>
- A living language, a language for living - Welsh language strategy (2012):
<http://gov.wales/topics/welshlanguage/publications/wlstrategy2012/?lang=en>
- Oare publikaasjes:
<http://gov.wales/topics/welshlanguage/publications/?lang=en>

Taalkommissaris Meri Huws

Petear mei de taalkommissaris en meiwurkers

<http://www.comisiynyddygybraeg.cymru/english/Pages/Home.aspx>

Der is in ynternasjonale organisaasje fan taalkommissarissen, mei Wales, Canada (op federaal nivo), Canada/New Brunswick, Canada/Ontario, Ierlân (nijsgjirrich!), Nynawt (Eskimo/Inuit) en Northwestern Territories. Súd-Afrika hat noch altiten in kantoar, mar op it stuit gjin taalkommissaris. Sri Lanka hat ek in taalkommissaris (foar it Tamil & Singalese). Kosovo is ek tige nijsgjirrich. Mooglik dat it foar DINGtiid ek nijsgjirrich is om oan te sluten by dizze organisaasje, om't it ek in ûnôfhinklik bestjoer hat.

Lytse skiednis fan it Welsk yn Wales:

- 1960-69: juridysk systeem, Welsk as in offisjele taal yn de rjochtbank.
- Groei yn fraach nei Welsktalich ûnderwiis.
- 1993: Welske taalwet (Welsh Language Act yn UK). Welsk krekt sa behannelje as Ingelsk, mar noch net in offisjele taal; WLB; "Welsh Language Schemes".
- Fan ôf 2006 groeit de fraach nei in nije wet.
- 2011: "Welsh Language Measures" (de wet fan 1993 is der noch altiten). De fouten wurde no ûntdekt. Yn de "Welsh Language Measures" stiet beskreaun:
 - offisjele status fan it Welsk yn Wales;
 - de rol fan de taalkommissaris;
 - it ein fan WLB.

De rol fan de taalkommissaris:

- Juridysk ûnôfhinklik fan de oerheid.
- Mar wol finansjearre troch de oerheid.
- Juridyske stappen foar taalpromoasje.
- Komt mei advys op it mêd fan belied, op terreinen sa as sûnenssoarch, sosjale soarch, planning, ûnderwiis.
- Wetjouwing: hat de ferantwurding fan de "Welsh Language Schemes" oernaam. Dat wienen der sa folle dat dy lestich te behearen wienen. Fandêr de ferskowing nei "Welsh Language Measures" en de dêrby hearrende noarmen. De earste 26 binne no yn wurking. Itselde menu fan

noarmenn foar alle organisaasjes (earder, by de “Welsh Language Schemes” waard foar eltse organisaasje apart in dokumint betocht en opsteld). Dy 26 dat binne de Welske oerheid, 22 lokale oerheden en 3 nasjonale parken. Dy hawwe dus deselde noarmen, mar ferskillende data fan ynwurking treden. Sadree’t se yn wurking binne, kontrolearret de taalkommissaris de noarmen, mei help fan bygelyks “secret shoppers”, klachten dy’t binnen komme, hanthavenjen fan foech. Gefolgen by net goed útfieren kin wêze in advys fan de taalkommissaris om it better te dwaan, finansjele sanksjes, en ta beslút rjochtsgong.

Der moat noch in protte besef foarme wurde: “you have to do this, but this is WHY you have to do it.”

Nijsgjirrich: der lizze ôfspraken mei Microsoft en Windows oer it Welsk yn dizze systemen.

Wat nimt DINGtiid mei út dizze petearen

Wat taalpromoasje oanbelanget is it nijsgjirrich dat:

- it net om de taal giet, mar de aktiviteiten binne YN de taal;
- bilingualism/twataligens is wichtich, want ek foar wurk by de oerheid/semi-oerheid wurdt der om frege. Yn fakatueres wurdt der om frege. Kânsen op in baan wurdt fergrutte; it is gjin handikap mar in foardiel;
- de taal sichtber is;
- de taalhâlding by de minsken hiel posityf is;
- it om wille giet;
- it ekonomysk effekt fan de taal berekkene wurdt: safolle subysdzje oan de organisaasje, mar hoefolle jild komt der dêrtroch yn omloop;
- der in posityf polityk klimaat tsjin it Welsk oer is;
- der in grut festival organisearre wurdt, wat in leechdrempelich taalevent is én gratis tagong;
- der leechdrempelige aktiviteiten yn it Welsk organisearre wurde, dy’t faak goedkeaper dan de standaard, Ingelsktalige aktiviteiten binne.

En wat de oerheid en de taalkommissaris oanbelanget, binne der ek in oantal nijsgjirrige punten te beneamen:

1. Yn de UK (sintrale regear) iepenet de funksje fan (taal)kommissaris doarren (ek op oare terreinen dan allinne taal). Dat makket it foar de taalkommissaris fan Wales wol makliker om mei it sintrale regear yn petear te gear.
2. De taalkommissaris wurdt betelle troch de Welske oerheid, mar soe better troch Welske parlemint betelle wurde kinne. Want de taalkommissaris moat no ek de beteller op de fingers tikke. Troch finansiering troch it

Welske parlemint soe de taalkommissaris ûnôfhinkliker wurde kinne. Foar de taalskipper soe dit betsjutte dat dy betelle wurdt en rapportearret oan de Fryske steaten of de Twadde Keamer.

3. Yn Wales hat de taalkommissaris in 'stok' om mei te slaan: advys fan de taalkommissaris om it better te dwaan, finansjele sanksjes, en ta beslút rjochtsgong.
4. Hoe sa'n systeem juridysk yn te rjochtsjen? De taalferoarding nei oanlieding fan de Wet gebrûk Fryske taal hat selde probleem as de schemes en standards yn Wales. Mei taalferoarding witte wy noch net krekt wat de krêften binne. Lykje mear op de eardere schemes om't gemeenten sels de ynhâld bepale meie. Foar it Frysk binne der gjin noarmen fêstlein (sa as yn de nije standards). En der is net ien dy't op de taalferoarderings stjoere kin. Ta beslút moatte de taalferoarderings noch bewize hoefolle slachtkrêft se überhaupt ha.
5. Yn de gaten hâlde dat by nije regeljouwing/wet dy't opsteld wurdt ek rekken hâlden wurdt mei taal. Eltse kear ôffreegje oft der ek wat oer taal/Frysk yn de nije regel/wet opnommen wurde moat.
6. Om in taal levendich te hâlden, freget om grutte ynvestearings.
7. Yn Fryslân in soarte fan taalkommissaris/-kommisje mei DINGtiid as Ried fan Tafersjoch (sa'n RfT is der yn Wales net). Dat soe dan lykje op de konstruksje fan in Ombudsman mei lanlike/provinsjale rekkenkeamer.